

# 15 *Lytse fûgeltsjes*

Fan de iene hân in nestke meitsje en mei de oare hân oanwize.

len twa trije fjouwer  
aaikes yn it nêst.

*fjouwer tikjes yn'e hân dwaan*

len twa trije fjouwer  
fûgeltsjes yn 't nêst.

*fjouwer tikjes yn'e hân dwaan*

len twa trije fjouwer  
wjirmkes yn 'e snút.

*fjouwer tikjes yn'e hân dwaan*

len twa trije fjouwer  
fûgels woll' derút.

*fjouwer tikjes yn'e hân dwaan  
mei ien hân nei bûten wize*

Hup, dêr giet de earste  
út it nêst.

*de earste derút smite*

Hup, dêr giet de twadde,  
dat giet bêst!

*de twadde derút smite*

Hup, dêr giet de tredde,  
d y i s d r e e c h !

*stadich prate en de tredde der útsmite*

Hup, dêr giet de fjirde,  
no is 't nestke leech!

*de fjirde derút smite*

*beide hannen útinoar dwaan*

